Skilderswinkeltsje stopt



Nanne (76) en Martsje (74) Walda met hun dochter Annemiek (39) in het Skilderswinkeltsje. Zaterdag komt na 72 jaar een einde aan het familiebedrijf.

Oosternijkerk raakt na de bakker opnieuw een middenstander kwijt. Zaterdag sluit Walda's Skilderwinkeltsje.

TEKST EN FOTO: FOKKE WESTER

OOSTERNIJKERK ■ Na tweeënzeventig jaar komt zaterdag met een grote uitverkoop een einde aan verf- en behangzaak Walda. De onderneming zelf bestaat al veel langer, want in 1937 namen Jelle en Minke Walda het schildersbedrijf over van Tilkema, bij wie Jelle Walda als jonge knecht in dienst was gekomen. In 1978 zou het bedrijf worden overgenomen door hun zoon Nanne en diens echtgenote Martsje. Net in die periode echter kreeg Nanne een hersenbloeding. ,,Nanne wurke altyd al by syn heit yn'e saak, mar nei dy beroerte hat er der in hiel skoft út west. Wy hawwe it noch in jier oansjoen en skoanheit is sa lang trochgien, mar nei in jier die bliken dat it net mear koe. Doe ha wy it persoaniel dienjaan moatten en binne wy fierdergien as doe-het-zelf-zaak'', vertelt Martsje Walda. Het echtpaar richtte daartoe de garage bij hun woning aan Ald Tún in als winkel voor verf en behang.

Tien jaar geleden werd het Skilderswinkeltsje overgenomen door dochter Annemieke en verhuisde het bedrijf naar de Ropsterwei, aan de andere kant van het dorp. ,,Wy ha wol fuort sein dat it net foar tritich jier wêze soe, want wy moasten it njonken ús wurk dwaan. It koe noch wol út, mar kinst der net fan libje. It wie ek wolris in belêsting nei in drokke wurkdei. As wy der net wienen stienen heit en mem yn de winkel. Mar wy ha wol spesjaal it hok derfoar boud. Ik wie fan de fiif dochters ek wol dejinge dy't der it measte affiniteit mei hie. Ik wie altyd al dwaande mei kleuren en interieurs. No't myn man en ik skieden binne stiet it hûs te keap en moatte wy ophâlde, mar ik wol der wol yn fierder. Dêrom ha ik myn eigen burootsje foar kleur- en interieuradvys oprjochte, Wish.''

Nanne en Martsje bekijken de gebeurtenissen nuchter. ,,As Annemiek it net oernaam hie, wie de saak tsien jier lyn al stoppe. It sil wol ôfkicke wurde, mar it jout ek wer in soad frijheid. De winkel hie in funksje foar de hiele regio, mar de konkurrinsje fan Dokkum waard hieltyd grutter. Ek al wienen wy faak goedkeaper as de grutte boumerken, dat byld hienen de measte minsken net.''